



Foar Henk Wolf

Itens, 10-12-2010

In earste reaksje op de konsept-notysje 'Minor trijetalich basisûnderwiis'.

Groei

Tige tank foar it tastjoeren fan de konsept-notysje. De groei fan trijetalich basisûnderwiis moat ek gefolgen hawwe foar it opliedingsprogramma's fan de beide pabû's yn Fryslân. En no mar hoopje dat wy mei it Ingelsk as lûker fan in meartalich Fryske basisskoalle it hynder fan Troje net ynhelje. De basisskoallen yn Ljouwert bygelyks hawwe neffens it lêste ynspeksje-ûndersyk noch gjin wichtige stappen set om it wetlik ferplichte fak Frysk in plak te jaan yn it skoalplan. De measte trijetalige basisskoallen steane net yn de gruttere plakken.

Aksje

Bliid lykwols dat der aksje is. Ut ûnderfining wit ik hoe'n poepetoer oft it is om mear romte foar it Frysk yn it ûnderwiis te krijen. De 'meten is weten' -ideology set skoallen slim ûnder druk om datjinge te dwaan wat de ynspeksje eins allinne echt freget en dat is in ferstelling fan it wetlik programma basisûnderwiis ta de fakken taal [!] (bedoeld is it Hollânsk) en rekkenjen. De efterstânsdiskusje docht ek ôfbrek oan goed meartalich taalûnderwiis, omdat de teory altyd wie (en noch is by in hiele protte) dat goed ûnderwiis mar yn ien taal plakfine moat. Bern moatte gjin lêst fan harren thústaal hâlde as dat de skoaltaal net is en troch in strange taalskieding kin de taalearmoede opheft wurde.

Frysk fanselssprekkend

De presintaasje fan de spesjalisasje trijetalich basisûnderwiis betsjut in fikse stap foarút. It slút oan by it belied fan de provinsje om te kommen ta mear trijetalige basisskoallen. Hoewol't de provinsje gjin foech op ûnderwiismêd hat (noch net), mar wol oan de universitêre kampus Ljouwert meibetellet, moat der op oanstien wurde dat it Frysk as taal fan studinten, dosinten ek in dúdliker plak hâldt en/of krije moatte. Benammen foar in opliedingsynstelling as in pabû is it wichtich dat it Frysk yn sawol formele en net-formele situaasjes brûkt wurde kin. As de pabû net meartalich is, dan is in trijetalige pabû-stream in keunstmjittige konstruksje en net fanselssprekkend. Studinten en dosinten folgje (ûn)bewust de maatskiplike machtsferhâldings en mear romte foar it Frysk fergruttet de kâns op meartalich gedrach.

In formulearringsprobleem

De lêste tiid is it wizânsje om ûnderwiisdoelen yn termen fan kompetinsjes te formulearjen. In eask is dan dat de learopbringst mjitber en yn termen fan *waar te nemen gedrach* formulearre wurde moat. It yn in omskriuwing brûken fan in tiidwurd as 'witte' is dan ferkeard, omdat soks net yn gedrach fan de learlingen te sjen of te hearren is. No binne kennis en hâlding wichtige saken as it om beropkwaliteiten giet. Taalgedrach en gedrachsferoaring stiet net op himsels en it is dan neffens ús **keunstmjittich** om dochts te besykjen om it hiele programma te formulearjen yn termen fan te heljen *kompetinsjes*. Krityk op dy iensidige oanpak (mbû!) wurdt hieltyd lûder, omdat sûnder kennis en ynsjoch kompetinsje-ûnderwiis maklik stykjen bliuwt yn in lange list fan te heljen ûnderdielen dy't net yntegrearre binne yn de persoan fan de studint/learling. Yn gefal fan de trijetalige skoalle moat de studint de *trije* talen goed behearskje en der yn 'e ûnderwiispraktyk mei wurkje kinne. Op himsels kinne wy it wol lykfine mei de fiif neamde kompetinsjes.

In tal jierren lyn fûnen Liskje en ik dat it Frysk net ûntbrekke mocht yn de SLO-publikaasje *Vakspecifike competenties voor studenten aan de lerarenopleiding primair onderwijs, 2005* en wy hawwe doe besocht om ek foar it Frysk - mei in knypeach nei de trijetalige skoalle - kompetinsjes te formulearjen yn it foarskreaune ramt.

Behearsking fan it Frysk

It Afûk-A-diploma is in earste stap op it paad fan de taalbehearsking Frysk. Dan binne Frysktalige studinten wat harren kennis en feardichheden op it mêd fan stavering en tiidwurden oanbelanget, al in eintsje op streek. It is de fraach oft mei dit diploma net-Frysktalige studinten, dy't foar de trijetalige stream kieze, it Frysk no al sa behearskje dat se yn it Frysk les jaan kinne. Lesjaan yn it Frysk (en soks jildt fansels ek foar it Ingelsk) by oare fakken freget om in noch bettere taalbehearsking. Benammen by wichtige begripen yn de 'saakfakken'. Boppedat sil de studint ek mear kennis fan it Fryske idioom - hoe sis ik saken yn it Frysk - hawwe moatte om linich Frysk sûnder ynterferinsjes brûke te kinnen. It Fryslân-A is eins in earste stap om de efterstân wat yn te heljen. Eleminten as taalregels en taaleigen en noch mear omtinken foar stavering en tiidwurden út de leargongen B en C fan de Afûk, soene ek yntegrearre wurde moatte. Dy hawwe harren effektiviteit bewiisd.

Is de noch te ûntwikkeljen module fan 1EC (26 stúdzjebelastingsoeren) 'Terminologie van de zaakvakken' tarikkend? De studinten sille grif ek fertroud wêze moatte mei Rienk de Haan syn '*Terminology fan 'e saakfakken'*' (Taalburo Fryske Akademy, Ljouwert, 2000, 274 siden). En it terminologyprobleem kin eins ek net konsintrearre wurde yn ien module, omdat dat punt de hiele oplieding troch in rol spilet. Dêr docht him ek it neidiel foar fan ôfslutende module-tentamens.

Kultuerdrager

By kompetinsje nû. 5 wurdt oanjûn dat de studint minimaal 10 jongereinboeken foar elts fan de trije talen **ken** en dêrút foarlêze kin. Wy geane der mar fan út dat de studint net allinne de titel **ken**, mar it boek sels ek lêzen hat. De fraach dy't lykwols by ús opkomt, is: is dat alle literatuer dy't de studint as kultuerdrager bûten de ferplichte stúdzjestof lêze moat? Dat is wol hiel earmoedich. It wol ús eins net oan dat neist jongereinboeken gjin Fryske literatuer foar folwoeksenen foarskreaun wurdt.

Yntegraasje

Sa as earder sein, wy binne wiis mei dizze stap en wy hoopje fan herten dat it in sukses wurdt. Op termyn moatte alle basisskoallen trijetalich wurde - ek dy yn de gruttere plakken -, omdat foar in fanselssprekkend brûken fan it Frysk yn ús provinsje gjin taaleilannen bestean kinne dêr't it Frysk net behearske wurdt, en dêrmei it maatskiplike brûken fan it Frysk tsjingien wurdt. Op termyn moat yn 'e oplieding 'it foech Frysk' ek de spesjalisasje 'trijetalige skoalle' omfiemje.

Tom Dykstra,
foarsitter FFU